

Regeloanpassingen oangeande de Fryske stavering

Provinsjale Steaten fan Fryslân hawwe op 17 desimber 2014 it beslút nommen om de stavering fan it Frysk op fjouwer punten oan te passen of oan te foljen. Dy oanpassingen binne op 30 jannewaris 2015 fan krêft wurden nei't de offisjele stavering fan de Fryske taal troch Deputearre Steaten fan Fryslân fêststeld is yn in provinsjale feroardering.

It giet om dizze fjouwer gefallen:

1. Regeloanpassing *oe* en *û*: de stavering foar it koarte en lange /u/-lûd.

De haadregel fan de stavering fan it lange en koarte /u/-lûd is net wizige. Fan de twa útsûnderingsregels is allinnich útsûnderingsregel a) nij. Foar in goed oersjoch wurdt hjir lykwols de folsleine regel foar it staverjen fan it /u/-lûd jûn.

De haadregel is dat it koarte en lange /u/-lûd stavere wurde as *û*:

dûbeld, ûbly
krûd, lûd, pûde
bûge, rûch, slûgje
opdûke, gebrûk, smûk, sûker
fûl, gûle, kûle, pûltsje
nûmer, dûm
fûnis, grûn, hûn, sûn, ûnder
glûpert, krûpe, rûpke
bûse, hûs, pûste, rûzje, tûzen
bûten, kût, mûtse

Op de haadregel binne twa útsûnderingen:

a) as it oerienkomstige Standertnederlânske wurd in *oe* hat, dan hat it Fryske wurd dy ek:

doe, hoe
poedel
ploech, skoech, foegje
hoef, proef, stroef
doek, hoeke, koeke, opdoeke, roek
boemerang, loempia
groep, koepel, stoepe
koest, oester, poes, woest
koets, poetse, toet

b) de bûging fan in beheind tal ûnregelmjittige tiidwurden hat yn de ûnfolsleine en folsleine doetiid foar it koarte of lange /u/-lûd de stavering *oe* of *û*:

drage - droech - droegen
jaan - joech - jûn

ferdwine - ferdwûn - ferdwûn
rinne - rûn - rûn

Opmerking: hjir wurdt net fan de besteande staveringstradysje ôfwykt. Troch dizze stavering wurdt yn guon gefallen dúdlik ûnderskied makke tusken de notiid oan de iene kant en de ûnfolsleine doetiid oan de oare kant. Tink oan: *ik lûk* (notiid) - *ik loek* (doetiid).

De gefolgen fan de nije útsûnderingsregel a) binne dat in oantal wurden tenei net mei *û*, mar mei *oe* stavere wurdt en oarsom. Dêrby giet it om de neikommende grûnwurden:

Grûnwurden dy't earder mei *û* skreaun waarden en neffens de nije regel mei *oe* skreaun wurde:

âld	nij
<i>fûkepot</i>	<i>foekepot</i>
<i>kalmûs</i>	<i>kalmoes</i>
<i>kapûs</i>	<i>kapoes</i>
<i>prûste</i>	<i>proeste</i>
<i>rûf</i>	<i>roef</i> (lûd, feroarsake troch in flugge beweging).
<i>rûftdy</i>	<i>roeftdy</i>
<i>rûs</i>	<i>roes</i>
<i>rûts(baan)</i>	<i>roets(baan)</i>
<i>rûtsdy</i>	<i>roetsdy</i>
<i>trûs</i>	<i>troes</i>
<i>trûzich</i>	<i>troezich</i>
<i>tûfe</i>	<i>toefe</i>
<i>wûper</i>	<i>woeper</i>
<i>wûps</i>	<i>woeps</i>
<i>wûpsty</i>	<i>woepsty</i>

Grûnwurden dy't earder mei *oe* skreaun waarden en neffens de nije regel mei *û* skreaun wurde:

âld	nij
<i>bazoeka</i>	<i>bazûka</i>
<i>boek (beam)</i>	<i>bûk</i>
<i>doezebout</i>	<i>dûzebout</i>
<i>droech</i>	<i>drûch</i>
<i>goelasj</i>	<i>gûlasj</i>
<i>haboes</i>	<i>habûs</i>
<i>hoekeniel</i>	<i>hûkeniel</i>
<i>(h)oekebakke</i>	<i>(h)ûkebakke</i>
<i>(h)oekedakke</i>	<i>(h)ûkedakke</i>
<i>joetse</i>	<i>jûtse</i>
<i>keboef</i>	<i>kebûf</i>
<i>koetsebeibeam</i>	<i>kûtsebeibeam</i>
<i>noegje</i>	<i>nûgje</i>
<i>oek</i>	<i>ûk</i>
<i>poemelje</i>	<i>pûmelje</i>
<i>reboelje</i>	<i>rebûlje</i>
<i>roegje</i>	<i>rûgje</i>
<i>spoek</i>	<i>spûk</i>
<i>stoef</i>	<i>stûf</i>
<i>toek</i>	<i>tûk</i>
<i>tsjoets</i>	<i>tsjûts</i>

Slotopmerking: de stavering fan it twalûd /u.ə/ wiziget net. Dat twalûd wurdt altyd stavere as *oe*.

Foarbylden:

hy koe, hy soe, hy woe, wy koene
doel, hy foel, soel
boer, djoer, oere, soer
boete, foet, hjoed, noed
fatsoen, seizoen, tsjoene
goes

As it /u.ə/-lûd yn ûnbeklamme posysje ferkoarte wurde kin ta in /u/-eftich lûd, wurdt ek altyd in *oe* foar in *r* skreaun. Foarbylden:

amoereus, djoerabel, oerémis, toerisme

2. Regeloanpassing: *eo* en *eau*

eo wurdt altyd *eau* yn *reontsjje*, dus tenei: *reauntsje*.

reauntsje waard yn guon grammatika's en wurdlisten ek as *reontsjje* skreaun.

3. Regeloanpassing: *ieu* en *iuw*

ieu wurdt *iuw* yn trije wurden, nei analogy fan û.o. *kiuw*, *miuw*.

âld	nij
<i>ieu</i>	<i>iuw</i>
<i>Sieu</i>	<i>Siuw</i>
<i>Hebrieusk</i>	<i>Hebriuwsk</i>

4. Regeloanfolling: frjemde wurden

De staveringsregel foar *v* en *z* oan it begjin fan frjemde wurden wurdt oanfolle:

oan it begjin fan in grûnwurd komt op guon útsûnderingen nei net in *v* of *z* foar, mar in *f* of *s*, ek as dat wurd ûnderdiel is fan in gearstalling of ôflieding. Dat hâldt yn alle gefallen foar de neikommende wurden in wiziging yn:

âld	nij
<i>divyzje</i>	<i>difyzje</i>
<i>provyzje</i>	<i>profyzje</i>
<i>revyzje</i>	<i>refyzje</i>
<i>supervyzje</i>	<i>superfyzje</i>
<i>televyzje</i>	<i>telefyzje</i>
<i>ynvalide</i>	<i>ynfalide</i>
<i>ekwivalint</i>	<i>ekwifalint</i>
<i>ambivalint</i>	<i>ambifalint</i>
<i>revalidearje</i>	<i>refalidearje</i>

Oan no ta wie dat net beregele. Yn de praktyk kamen beide skriuwwizen gauris foar, de wurdboeken hienen almeast de wurden yn kolom **âld** as haadyngong.